

him wekker troch him te skilderjen en him te konfrontearjen mei himsels en syn ferline.

Dûbele boaiums

Mar dêrmei is it net sein. Want yn dizze novelle hat Van der Ploeg alle war dien om it ferhaal mear wêze te litten as allinnich mar in moai rinnend ferhaal. De Sniewinter sit fol mei bylden en dûbele boaiums. Wêzenlik foar it ferhaal is bygelyks de tematisering fan ljocht en tsjuster, wêrby't it ljocht mear foar iepenheid en romte stiet en it tsjuster foar fêst en finzen.

Dy beide kanten hat Van der Ploeg pregnant keppele oan de haadpersoanen Adam en Barbara. Dat hat fan gefolgen dat Adam mear wurdt as in gewoane slykwurker en hannelsman út it noarden fan Fryslân. De steile en pragmatyske man fielt him dy kontreien as in fisk yn it wetter en is o sa hechte oan syn streek. Tagelyk sit er ek fertize yn syn woartels. Miskien soene je sels sizze kinne: is er finzene fan syn ferline. De tsjustere kant fan it ferline fan Adam spegelet him byldzjend yn de tsjustere hokkeboel sûnder takomst, dy't er om him hinne bewarret en dêr't er him yn opslút.

De oare haadpersoan, Barbara Appelaar, is net allinnich mar in keunstneresse dy't nei it tsjerkje takommen is 'om it lânskip en it ljocht' te skilderjen. Barbara komt út de ferve as in frou fan de takomst. Se hat alles oan 'e kant set foar har idealen en lit har dêrtroch liede. It is ek ien dy't har net hechtet, in frije fûgel. Dy twa wrâlden moetsje elkoar yn 'e sniewinter, as se, ôfsnien fan de bewenne wrâld, op elkoar oanwiisd binne.

Keunst en leauwe

It sil ek net tafallich wêze dat Barbara in atelier kriget yn it tsjerkje fan Tseard, dêr't Adam foarhinne mei frou en bern altyd tsjerke en dêr't syn frou en jonge no op it hôf lizze. Yn dat plak komme ferline en takomst fan Adam byelkoar, mar ek keunst en leauwe. Hiel subtyl lit Van der Ploeg sjen dat net allinnich it leauwe, mar ek de keunst, liede kin ta de essinsje fan it libben.

Sels giet er noch in stap fierder as er it spanningsfjild tusken de keunst en de tsjerke neamt. „Miskien soest sels sizze kinne dat de keunst yn dizze novelle de rol fan de tsjerke oernommen hat.” Symboalysk komt dat nei foaren as Barbara in flier oer de tsjerkebanken leit om sa noch better it moaie heldere ljocht skilderje te kinnen. Deselde tsjerkebanken dêr't Adam eartiids alle sneinen mei Eelkje en bern de tsjerketsjinst folge.

Ferwachtings

Thús yn syn dykhúske hat Adam in tillevyzje stean. It apparaat stiet der noch as werinnering oan de tiid dat Eelkje der noch wie. Yn it tillevyzjeskerm wjerspegelet Adam, sittend op Eelkje har stoel, letterlik en figuerlik syn libben yn it dykhúske. Troch mei syn spegelbyld yn petear te gean fertart er al filosofearjend wat er meimakke hat.

Dat fertarren fan syn libben giet troch as

Barbara Adam skilderet. Har oprjochte belangstelling foar him soarget derfoar dat Adam har syn libbensferhaal út de doeken docht. It konfrontearret him mei syn ferwachting fan it libben dy't er hie mei Eelkje en de jonges en hoe't alles oars rûn is; de twaspjalt dy't de dea fan Gjerrit tusken him en syn frou brocht hat. De frou Barbara konfrontearret Adam ek mei hoe't Eelkje en hysels mei elkoar omgongen. Hoe't se by elkoar lâns libben en hoe ferkrampst se mei seksualiteit omgongen: „in wize fan omgean dêr't gjin plak wie foar genotsfol libjen.” Barbara har ynkringende fragen twinge him syn libben en himsels op 'e nij te besjen en jout him it ynsjoch dat er syn tsjuster earst ferneatige moat, foardat er wer fierder kin.

Yn it byld fan de Hillige Anna, de beskermhillige fan de troude froulju, dy't Barbara makket foar in nis yn it Annatsjerke fan Tseard, komme leauwe, keunst, leafde en boete prachtich byelkoar. De spirituele net-leauwige Barbara en noftere - út tradysje - leauwige Adam spylje beiden harren eigen rol dêryn. De hillige Anna makket postúm in fersoening fan Adam mei Eelkje mooglik, wêrtroch De Sniewinter wat hiel tears oer him hinne kriget.

Emosjoneel

En noch is it net dien mei de dûbele boaiums. Want Van der Ploeg boartet yn De sniewinter folop mei de tema's fan it leauwe en de keunst. Hy gûchelet mei emosjonele en estetyske wearden en de striid om de foarrang yn ús maatskippy. Dêrby lûkt er de lêzer ferskillende kearen oan syn festje as woe er sizze: „en wat fynsto der no fan?” Wat te tinken fan de tsjerken dy't wer restaurearre wurde ta harren âlde steat, wêrtroch in hiel stik lettere skiednis ûngedien makke wurdt en de eigen minsken har tsjerke net mear kenne. Wat te tinken fan it kontribúsjeúske dat ta monumint ferklearre is en de dêrneist lizzende hokkeboel fan Adam dy't ôfbrutsen wurde moat om't it it lânskip foar de toerist sa ûntsiert. Deselde hokkeboel dy't de keunstneres Barbara brûkte as poëtyske eftergrûn foar har searje skilderijen fan Adam en dêr't se in ynternasjonale priis mei kriget. It is de wrâld op syn kop.

Dizze novelle waard Van der Ploeg, sa't er sels seit, yn 'e skurte wurpen. „It skreau him as fansels.” Yn it koarte bestek fan in lytse tachtich siden, dy't er mei skynber gemak skreau hat, iepenbieret him lykwols in wrâld oan tinzen en gedachten mei in soad romte foar de psychologyske ûntjouwing fan de manlike haadpersoan. Dêrmei jout de skriuwer syn trouwe lêzers de kâns om ek ris neier yn de kunde te kommen mei de ynderlike wrâld fan syn faak stûfe en ienselvige personaazjes.

It Frysk boekewikegeskink 'De Sniewinter' wurdt fergees oanbean by oankeap fan Fryske boeken foar it bedrach fan mear as 9 euro. Los is it boekje te besetten foar 4,50.

Aktiviteiten yn de Fryske Boekewike (26 febrewaris - 8 maart)

Frysk Boekefeest

Mei it Frysk Boekefeest (hjoed yn Teater Romein yn Ljouwert) wurdt de Fryske boekewike iepene. Op it feest is der omtinken foar it Frysk boekewikegeskink *De Sniewinter* fan Durk van der Ploeg. Bysûnder dit jier is de útfiering fan in lêsenakter dy't basearre is op De Sniewinter en beskôge wurde mei as in oade oan it wurk fan Durk van der Ploeg. De ienakter is skreaun troch Bouke Oldenhof en wurdt útfierd troch Tryater. Fierder is der omtinken foar dûbeltalinten en muzikanten.

Frysk Boekewikegeskink

Yn de Fryske Boekewike wurdt de keaper fan Fryske boeken foar it bedrach fan mear as 9 euro, dit jier de novelle *De Sniewinter* fan Durk van der Ploeg, fergees oanbean. Los is it boekje te besetten foar 4,50.

Boekenijis

Twa kear yn it jier, by de boekewike en de sutelaksje, wurdt de brosjuere *Boekenijis* útjûn. Yn dat katern steane alle Fryske boeken, dy't it ôfrûne healjier útkommen binne.

Literêre programs

Yn de Fryske boekewike binne der rûnom yn de provinsje literêre jûnen, fersoarge troch Fryske skriuwers en muzikanten. De skriuwers binne dêrby oan in fêste muzikant keppele. Dit jier binne artysten fan de partij lykas Durk van der Ploeg en Adri de Boer; Meindert Bylsma en Doede Veeman; Auck Peanstra en Hans Wempe.

Etalaazjewedstriid

Foar de boekhannels yn Fryslân wurdt der alle jierren in etalaazjewedstriid organisearre, dêr't it Boekewikegeskink sintraal yn stiet. Ferline jier waard de wedstriid wûn troch boekhannel Van der Velde yn Ljouwert.

Utrikking Fryske Liuwe- en Welpeprint

Alle jierren binne der twa prizen te ferjaan oan it bêst fersoarge boek foar folwoeksenen (Liuweprint) en it bêst fersoarge boek foar bern (Welpeprint). De prizen wurde moarn útrikt it Frysk Museum yn it programma *De koperen tún* fan Omrop Fryslân.

Utstalling priiswinnende boeken troch de jierren hinne

Yn it Beursgebou op de Wurdumerdyk 34 yn Ljouwert, dêr't no de iepenbiere bibleteek hús fêste is, is in tematyske útstalling te finen fan alle boeken dy't troch de jierren hinne in priis krigen hawwe as moaist fersoarge boek. Fan guon boeken binne ek illustraasjes oanwêzich.